

Gedicht De Lytse Jouwer

Ynstjoerd jannewaris 2016, troch Gee Dykstra-Visser

Ut: Grifformearde Frysk Tiidskrift, j.g 1936, nr 4

De Lytse Jouwer

Stil leit it lytse doarp by 't jounjen fan'e sinne
Syn ranke spitse toer wiist nei Gods himelwiid
Geheimnis swevet om dy lytse wenten hinne
En dreamt fan giene tiid.

Althuysen, op dit sté fernamen jo de lûden
Fan't eigen lân, fan bloed by Friese Noardewyn
Jo hearden s' yn 'e loft, jo wisten s'op de krûden
Hjir dronken j'ek de tael fan Gysbert Japiks yn.

Hjir liezen jo syn liet, hjir songen jo syn psalmen
De klang fan Master's wurd gyng yn jins tinzen mei
Jo dichten, yn jinse trant, mei eigen fromme galmen.
Dy Davids lieten nei.

Sa stiet jins dimmen byld foar ús yn glânzgjende eare
Nou't nije maitiid wer oer 't âlde Fryslân tilt.
Dy't seit: hjir libbe in man, dy't Davids harp hantearre
Mei iens in soan fan 't frije Fryske fjild.

A.M. Wybinga

Extra ynfo:

Fryske wikipedia:

https://fy.wikipedia.org/wiki/Jan_Althuysen

Jan Althuysen

Jan Simens Althuysen ([Frjentsjer](#), [desimber 1715](#) - [De Lytse Jouwer](#), [9 augustus 1763](#)) wie in Frysk skriuwer.

Althuysen moat in apart man west hawwe. Hy is yn 1715 berne te Frjentsjer as in soan fan [Simen Jans Althuysen](#), dy't wolkjimmer en in foaroansteand boarger fan Frjentsjer wie. Doe't er 26 jier wie is hy begûn mei syn stúdzje yn 'e teology. Gewoanwei duorre soks sa'n 4 jier, mar Althuysen hat der 9 jier oer dien. Doe hat er syn earste en ienige gemeente krige, [De Lytse Jouwer](#) en [Boarnwert](#).

Hy troude op 25 juny 1752 mei [Titia Crab](#) of Crabbe. It pear hat gjin bern hân.

Syn heit Simen wie in gelegenheidsdichter yn it Frysk. Syn soan is dêrmei fierder gien. Heit en soan hawwe doe in plan útein setten om de psalmberiming fan [Gysbert Japicx](#) ôf te meitsjen. De Althuysens wienen rimers en gjin dichters. Se folgen de doe gongbere beriming fan de psalms fan [Datheen](#) sa as dy doe yn tsjerke songen waarden. Doe't it klear wie is der in bondel fan gedichten, mei as titel *Fryske Rymlerije* fan de beide Althuysens en fan Gysbert Japicx útkommen. Dêroan tafoege harren beriming fan de 100 psalms mei as titel *David my dy oare lofsangen*.

Althuysen hat de psalmberiming foarlein oan de klassis [Dokkum](#) foar tsjerklike goedkarring. Dy is yn [1755](#) jûn, mar syn kollega's lieten wol merke dat se der net optein oer wienen.

Yn [1957](#) is de bondel psalms ûnder de titel *Hûndert Psalmen fin David mei dy Tjien Geboaden* troch de [Fryske Akademy](#) by Laverman yn [Drachten](#) op 'en nij wer útjûn; mei in taljochting fan [Chr. Stapelkamp](#).

De noarddoar fan de tsjerke yn Boarnwert is de oarspronklike doar fan de pastory fan De Lytse Jouwer. Dêrboppe stiet ek noch in Frysk gedicht fan Jan Althuysen. Grif sjoen hat dat in moedige died west om't de tsjerke yn dy tiid al hielendal ferhollânske wie.

Jan Althuysen is yn 1763 yn De Lytse Jouwer ferstoarn.